



29707

# STELLERIJ MEI IN STURTSJE

(Opa apestaartje punt nl)

**Klucht yn trije bedriuwen**

**fan**

**WILMA RENES-LEERTOUWER**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die dit stuk gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur te vermelden. De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd. Direct daarop volgend de titel van het stuk. De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

### **Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt. Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau

### **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) / Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van bundel bij de uitgever inclusief recht voor 10 opvoeringen.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

HENK BAKKER - 70 jier, in reedlik kwike en gesellige man.

ELVIRA - 35 jier, syn âldste dochter, truttich, ûnwis en hiel skjin

ERIK - 30 jier, syn soan, in leuke flotte fint.

ESMEE - 28 jier, jongste dochter, leuek flotte faam.

ADELBERT - 35 jier, skoansoan, in glûperige glêde fint, fûl op jild.

BERTHA - suster yn it soarchsintrum, fleurich, leeftiid frij.

LUCY - suster yn it soarchsintrum, leeftiid frij.

MAX - putsjeman yn it soarchsintrum, behelpsum, leeftiid frij.

BERTUS DIRX - 70 jier, boppebuorman, yn de war (*of tûk*).

FROU BRAAKSMA - 40 jier, frou Braaksma, pinnich, sûnder humor.

## **DEKOR:**

In hast lege keamer. Kasten en sa binne al fuort. Oeral stean doazen. Yn it soarchsintrum yn alle gefallen in keuken, net yn't sicht. Fierdere oanwizings fierderop yn it toanielboekje.

## EARSTE BEDRIUW

### EARSTE TAFRIEL

*(de húskeamer fan Henk. Keal en leech. Ferhúsdoazen yn de keamer. Henk sit op in stoel en de bern binne dwaande de lêste dinkjes yn te pakken)*

**ELVIRA:** Sis heit, wat wolle jo mei al dy boeken?

**HENK:** Watfoar boeken?

**ELVIRA:** No, dizze.

**HENK:** *(lûkt oan de skouder)* Tsja...

**ELVIRA:** Besjoch se mar even, dan hear ik it wol.

**ESMEE:** Sis heit, ik ha hjir alle skilderijen byelkoar stean, wolle jo se allegear meinimme of moatte der ek in pear fuort?

**HENK:** Tsja...

**ERIK:** *(hâldt in skilderij omheech mei in moaie bleate frou der op)*  
Mar dit natuermonumint dogge jo net fuort wol heit?

**HENK:** Nee jonge, de Madonna yn it grien giet mei.

**ELVIRA:** Heit, dat miene jo net! Dat ding giet net mei!

**HENK:** Wêrom net?

**ELVIRA:** Skandalich! Freeslik dat ding! Dat kin net yn sa'n kreas en kein hûs hingje, hear!

**HENK:** Dêr is doch neat mis mei?

**ERIK:** Sis es suske, wat is der mis mei?

**ELVIRA:** *(sjocht him ferneatigjend oan)* Erik, ik hie dy wizer ha wollen *(rint fuort mei it skilderij)*

**HENK:** Ho, ho, wêr sil dat hinne mei dat skilderij?

**ELVIRA:** Dat set ik by dy oare skilderijen dy't fuort kinne.

**HENK:** No sis!

**ELVIRA:** *(tinkt nei)* Oh nee, dat kin net.

**HENK:** No gelokkich mar.

**ELVIRA:** Nee, fansels net. De mânlju fan de jiskewein moatte it net sjen! Nee, ik nim it mei nei hûs en ik lit it diskreet ôffiere, dat doch ik! *(ôf mei it skilderij)*

**ESMEE:** Ja, dat kinst Adelbert wol tafertrouwe.

**ERIK:** Diskreet ôffiere seit se, dat hinget aanst moai op syn kantoar.

**ESMEE:** Diskreet achter in kastdoar, mar leau dat mar net!

**HENK:** En heit hat der seker neat mear oer te sizzen?

**ERIK:** Och heit lit mar. Jo witte hoe't se is. Ik fiskje it der aanst wol tuskenút. Dat hat se doch net troch.

**ESMEE:** Al wer in doaze fol. It sjit moai op, heit!

**HENK:** Tsja...

**ERIK:** De earste fracht ha ik al nei Skoatterhiem brocht. Ik ryd de bus even foar, dan kin it lêste guod der yn, goed?

**ESMEE:** Prima.

**HENK:** Ja, dat is goed, jonge. (*Erik ôf, Henk rint yn de keamer om*) Keale boel, hear! Neat oan!

**ESMEE:** Sa'n leech hûs is noait gesellich.

**HENK:** Mar it wie altyd wol gesellich, fynst ek net?

**ESMEE:** Wis, jo hiene it altyd goed foarelkoar.

**HENK:** (*sit, mismoedich*) Ja bern, jim mem wist wol hoe't se it gesellich meitsje moast. Ik ha besocht it sa te litten doe't se der net mear wie, mar ja, hjir en dêr ferskoot doch wol es wat.

**ESMEE:** (*giet by him sitten*) Dat jout doch neat? Ik bin der wis fan dat se it goed fûn hie.

**HENK:** En no, no is alles fuort. (*suchtsjend*) It falt net ta, hear !

**ESMEE:** Nee, heit, dat leau ik ek wol.

**HENK:** Hoefolle jierren ha ik hjir wol net wenne? Earst mei jim mem en letter allinnich. Hiel wat jierren! En dat moat ik no achterlitte. (*suchtet*)

**ESMEE:** Mar jo moatte ek foarút sjen, heit. Jo witte sels ek wol dat it sa net mear kin. Jo moatte mear fersoarging ha en dat krije jo yn dat tehûs.

**HENK:** Gesticht!

**ESMEE:** Heit! Dat soene jo net mear sizze. It is gjin gesticht en ek net in finzenis. Jo krije dêr in prachtige keamer yn Skoatterhiem.

**HENK:** En doch is it in gesticht!

**ESMEE:** (*laket*) Ald fûterkont! (*tutet him en komt oerein*) Ik sil fierder mei ynpakken. Alle fertroude dingen gean mei en jo sille sjen, dan fiele jo je daliks thús.

**HENK:** Dat meist dan ek wol tsjin dyn suster sizze, as dy har sin kriget sit ik daliks yn in hiel nij ynterieur!

**ESMEE:** Komt wol goed.

**ELVIRA:** (*komt op mei in doaze*) Sis heit, sjochris wat ik tsjin kaam? Neffens my kin dit allegear fuort.

**HENK:** Lit es sjen. Nee, dat kin net fuort, dat ha ik noch krige fan jim omke Jehannes.

**ELVIRA:** (*mispriizgjend*) No dan net. En dit dan?

**HENK:** Nee, dat ek net, dat ha ik fan Erik krige, fan syn earste fertsjinne lean.

**ELVIRA:** Mar heit, hoe kin ik no opromje as jo alles bewarje wolle!

**HENK:** Ik wol hielendal net opromje, dat dochsto!

**ESMEE:** Heit, moat dit ek mei?

**HENK:** Eh ja, doch mar al, en dat dinkje dêr neist ek mar.

**ELVIRA:** Mar heit...

**HENK:** Dat byldsje, dêr wie jim mem sa wiis mei, dat moat mei. En dat oare ha ik fan Pyt de bakker krigen.

**ESMEE:** Dan pak ik dat ek yn.

**ELVIRA:** (*stekt in wanskepen ding omheech*) Dit nimme jo al mei no?

**HENK:** Hin? Dat? Nee, smyt dat mar fuort!

**ELVIRA:** (*snokkert*) Wèh, dat ha jo noch fan my krige!! Wèh, doe't ik mei in skoalreiske west hie!!

**ESMEE:** Oehh!

**HENK:** Ferdoarje, ik doch it ek nooit goed! (*besjocht it ding*) Se hat gelyk, ik wie 't hielendal fergetten. Dat wie de earste kear dat se mei in skoalreiske wie. Ik sjoch se noch werom kommen yn har reade jaske, deawurch wie se. Wat stom fan my! Hjir pak mar goed yn! It kriget aanst in eareplakje yn dat gesticht...

**ESMEE:** Heit!!

**HENK:** ...yn Skoatterhiem. (*oerein*) Ik sil sjen oft ik it wer goed meitsje kin en ik sil tagelyk freegje oft se in bakje kofje sette wol. (*ôf*)

**ESMEE:** Doch mar. Ik bin hast klear. (*sjocht om har hinne*) Hy hat gelyk, it falt net ta, foar ús allegear net.

**ERIK:** (*op*) Sa, de bus stiet foar, wy kinne de boel ynlade! Hea, wat stietst der nuver hinne, is der wat ?

**ESMEE:** Hin, wat? Och neat!

**ERIK:** (*sjocht har ûndersykjend oan*) Oh...

**ESMEE:** (*lûkt oan har skouder en gûlt hast*) No ja, ik fyn it gewoan net leuk mear, heit is der hielendal ôf, makket in ferkearde opmerking tsjin Elvira. Elvira fan de kaart en ik fyn der ek neat mear oan.

**ERIK:** (*lûkt har tsjin him oan*) Ah ju, kom op, sa slim is it no ek wer net!

**ESMEE:** Mar ik fyn it sa slim foar ús heit. Hy hat it der dreech mei.

**ERIK:** Fansels, dat begryp ik ek wol. It is ek mar neat om op jo âlde dei noch te ferhúzjen, mar it is no ien kear net oars!

**ESMEE:** Heit wie altyd sa'n flinke man, hy die alles altyd sels, ja no?

**ERIK:** Jawis, en do koest altyd op him rekkenje.

**ESMEE:** En doe't mem weirekke, hoe flink wie der doe net! Noait sangerje, nooit kleie, sels de wask die er sels.

**ERIK:** Ja, dat is wier, petsje ôf!

**ESMEE:** Krekt, en dan sjochst him stadichoan achterút gean.

**ERIK:** Hy mei noch net iens kleie, de measten fan syn jierren binne der minder oan ta.

**ESMEE:** Dat wit ik ek wol en dêr bin ik ek tankber foar, allinne...

*(suchtet)*

**ERIK:** Hast altyd hoop hân dat er hjir wenjen bliuwe koe. Tsja... *(sjocht foar him del)* Mar dat kin net mear faam, heit kin net sûnder help en wy wenje no ien kear net tichteby. No kop der foar, der is moat noch in soad gebeure.

**ESMEE:** Heit soe Elvira freegje om kofje te setten.

**ERIK:** Ja, lekker. Ik bring dit even nei de bus hear. *(ôf, de telefoan giet, Esmee wachtet even oft Henk ek komt, dan nimt se op)*

**ESMEE:** Mei it hûs fan Henk Bakker? Oh, Adelbert, Elvira? Ja, dy is der, ik sil har even roppe, momintsje. *(ropt by de doar)* Elvira, telefoan!

**ELVIRA:** *(op)* Telefoan foar my?

**ESMEE:** Ja, Adelbert.

**ELVIRA:** Oh. Skinksto even koffie yn?

**ESMEE:** Ja, goed. *(ôf)*

**ELVIRA:** Ja leave, sorry, ik wit datst de telefoan fan de baas net lang beset hâlde kinst. Hin, wat? Oh, dat soe moai wêze. Kinst mist wurde op 't wurk? Oh gelokkich. Giest al even by hûs lâns om dyn korset om te dwaan no, mantsje? Do moatst om de rêch tinke. De skuon mei stielen noazen stean yn de garaazje en dyn stofjas hinget dêr ek, yn in plestikhoes, ja. No oant daliks, leave. Oh, Adelbert, nim wol de beskermhoes foar de fyts mei, dy kin hjir no net binnen stean en it is oeral like drekkerich. Oh en Adelbert, ja, ja, ik sjit op, mar... *(sjocht heimsinnich om har hinne, se praat no sachter)* Ik ha heit einliks safier krige dat er dat wanstaltige skilderij fuort docht, do witst wol dat, ja krekt! En dat moatst daliks atst thúskomst fuort wurkje, foar't er him betinkt. No oant aansen!

**HENK:** *(op)* Wie dat Aalbrecht?

**ELVIRA:** Adelbert heit, ja, yndie. Hy komt hjirhinne om te helpen.

**HENK:** Ah, wurdt it noch gesellich ek.

**ESMEE:** *(op, Erik achter har oan)* Sa, hjir is de kofje.

**HENK:** Lekker.

**ELVIRA:** Hast alle kopkes wol goed omspield? *(mei in skean each op Henk)* Se wurde net sa faak brûkt fansels.

**ESMEE:** Ja hear, ik ha se desynfektarre!

**ERIK:** Hast de mûzekeutels ek út de sûkerpot helle?

**ELVIRA:** Flau hear! *(se sitte op krukjes en doazen en op de flier. Elvira perfoarst net op de flier, foardat se sitten giet stoffet se de sitting ôf)*

**HENK:** *(Henk, leaf tsjin Elvira)* Lekker bakje hear bern.

**ELVIRA:** Ja, lekker kaffeïne frij, fan de weareldwinkel.

**HENK:** Ik wist net dat ik dat hie.

**ELVIRA:** Ha jo ek net. Ha ik meinommen. It bontsjje ha ik bewarre, wy rekkenje aanst wol.

**HENK:** (*fernovere*) Oh?

**ERIK:** Ja, net ferjitte suske, oars kloppet de kas jûn net by Adelbert!

**ESMEE:** Moatst altyd noch elke sint ferantwurdzje by Adelbert?

**ELVIRA:** (*ûngemalik*) Och, ferantwurdzje. Adelbert wol graach witte oft wy wol effisjint mei syn salaris omspringe.

**ERIK:** Mei syn salaris? Krekt as soesto noait wat dwaan.

**HENK:** Ik sil aanst daliks wol mei dy ôfrekkenje, hear! It is in lekker bakje! (*se drinke even stil kofje*)

**ERIK:** Sa heit, no sille wy it lêste ynlade en dan op nei Skoatterhiem!

**HENK:** (*suchtet*) Ja jonge, it moat dan mar. (*sjocht om him hinne*)

**ELVIRA:** It is foar jo eigen bêst, heit! (*faget him ûnderwilens de mûle ôf*)

**HENK:** (*kribbich*) Ja, dat wit ik wol. En hâld dêr mei op, ik bin net senyl!

**ELVIRA:** (*gûlt, ôf*) Ferhip no, ik doch ek noait goed!

**HENK:** (*sjocht har nei, berêstend*) Hè, ferdoarje!

**ESMEE:** (*earm om Henk hinne*) Lit har mar, heit. It is foar ús allegear net maklik.

**HENK:** (*mei in snok*) It falt net ta, bern, it falt net ta.

**ESMEE:** Ik wit it. (*se bliuwt even sitten, ticht tsjin him oan, dan hellet Henk de bûsdoek foar 't ljocht en snút de noas. Esmee faget de triennen ôf en komt oerein*)

**HENK:** (*kuchelt en makket in man út*) Ik sil de buorlju dach sizze. Ik kin hjir doch neat dwaan. (*ôf*)

**ERIK:** Hiel goed, heit. (*slcht de earmen om Esmee hinne*) Kom suske, dan helje wy it lêste guod út de sliepkeamer. (*beide ôf*)

**ELVIRA:** (*snokkert noch wat*) Ik sil de kopkes mar opromje, der wol no doch gjinien mear kofje ha. Wat in tastannen, ik wurd der doch sa senuwachtich fan. (*wapperet mei de stofdoek wat troch de hoekjes en oer de plinten*) Sjoch no es sa fiis. Net goed foar sa'n âld man. Ik fyn it ek net moai, mar it kin net oars. Skoatterhiem is sa smûk en skjin.

**ERIK:** (*op*) Boppe is alles opromme, no de keamer noch en it lêste guod út de keuken, dan is't klear.

**ELVIRA:** Is't wier? Mar Adelbert komt noch om te helpen.

**ERIK:** Belje him mar dat er daliks mar yn Skoatterhiem komme moat, dêr is genôch te dwaan. (*sammelt alle dingen*)

**ELVIRA:** Daliks mar, oars is er fuort. (*toetst in nûmer*)

**ERIK:** Op syn supersoanyske fyts!

**ELVIRA:** Hallo, mei wa praat ik? Mei de sekretaresse fan Adelbert



Leegstra?? Sûnt wannear hat Adelbert in sekretaresse? Jo prate mei frou Leegstra. Is myn man der ek? Ik moat even mei him prate. Hoe woene jo sizze? Yn in minne posysje? Dan helje jo him dêr mar út! It driuwt! Neffens my moatte jo minder smoke, jo stim klinkt my benaud yn de earen! (*Erik sjocht fernuverre*) Adelbert? Oh moai, do bist der noch. Sûnt wannear haststo in sekretaresse? Oh do boefke. Hin? Hoesa boefke? Do koest wol kjel wurden wêze! Ik wit no wol wat der te rêden is. Do hast stikem promoasje makke! Dêrom hast in sekretaresse fansels! Wêrom himest sa? Hast hurd rûn ? Oh, do bist mei in swier putsje dwaande. No sorry dat ik steur. Kom daliks mar nei Skoatterhiem. Ofpraat! Mar fluch werom nei dyn karweike. Dei leave!

**ERIK:** Soa, hat Adelbert tsjintwurdich in sekretaresse?

**ELVIRA:** Ja, se wiene sa drok dy twa.

**ERIK:** Soa?

**ELVIRA:** Hy is dêr ûnmisber, myn Adelbert!

**ERIK:** No sa te hearren hat er de saakjes goed foarelkoar!

**ELVIRA:** Oh, ik bin sa grutsk op him! Wat in kanjer! (*ôf*)

**ERIK:** (*skodhollet*) Wat in kloaris! No, dêr giet it lêste guod. (*ôf mei it lêste guod, it toaniel is even leech, dan komme Henk, Esmee en Elvira op. Se ha de jassen oan*)

**ESMEE:** No heit, alles is fuort, no wy noch.

**HENK:** Ja.

**ELVIRA:** Erik is al foarút mei it buske. Sille wy dan ek mar?

**HENK:** Ja.

**ESMEE:** Kom mar. (*hâldt de doar iepen*)

**HENK:** Ja. (*sjocht noch ien kear om him hinne en docht dan mei in sucht de doar ticht*)

**DOEK!**

## TWADDE TAFRIEL

*(as it doek iepen giet binne wy yn de keamer fan it soarchsintrum Skoatterhiem. Der stiet in bêd, in linnenkast, in yttaffeltsje mei wat stuollen en der hinget in kastje mei in ynterkom. In trochgong nei de nis, dêr't in keukenblok stiet. In doar nei de badkeamer, dizze kin ek yn de keuken. Der is ek in finster. Fierder stean der doazen dy't der al earder brocht binne. De doar giet iepen en Frou Braaksma Braaksma komt der yn mei Henk, Esmee en Elvira)*

**FROU BRAAKSMA:** Sa, kom der mar yn. Sjoch es oan, menear Bakker, hjir is jo keamer. No, hoe liket it? Geryflik en smûk, netwier?

**HENK:** *(sjocht om him hinne, net entûsjast)* Och ja...

**FROU BRAAKSMA:** Net al te entûsjast, hear! *(tsjin Esmee)* Jo heit is in bytsje depressyf!

**ESMEE:** *(ferheard, lilik)* Wolnee!

**FROU BRAAKSMA:** Jout neat hear! Dat krije wy der wol út. It is hjir in gesellich hûs, mei allinne mar bliere bewenners. *(tsjin Henk)* En dat wolle wy graach sa hâlde.

**ELVIRA:** Sjoch no es heit, sa'n moaie keamer en moat jo no es sjen, sa'n prachtich útsjoch! *(Henk en Elvira nei it finster)*

**HENK:** In drokke strjitte en oan de oare kant in tsjerkhûf. *(synysk)* Bern, dat ha ik no altyd graach wollen!

**ELVIRA:** Mar... mar, moatte jo no es sjen hoe moai grien at de beammen op dat tsjerkhûf binne!

**ESMEE:** Jo moatte der even oan wenne heit.

**HENK:** Ja, dat sil ek wol.

**FROU BRAAKSMA:** Dat útsjoch op in drokke strjitte fine de bewenners no krekt sa moai. Dat jout harren it gefoel dat se, ja, hoe sil ik dat no sizze, dat se dielnimme oan de maatskippij. En it tsjerkhûf, ja, dat is no krekt sa rêstjouwend.

**HENK:** Rêstjouwend? In deade boel is 't!

**ELVIRA:** Heit!!

**FROU BRAAKSMA:** Ik bespeur by jo in... blokkade, in soarte fan wrok, menear Bakker! Dat is net goed, dêr moatte jo ôf sjen te kommen! Ik sil foar jo in ôfspraak meitsje by de maatskiplik wurkster.

**HENK:** Ik hoech gjin maatskiplik wurkster, mei mankearret neat!

**FROU BRAAKSMA:** *(tsjin Elvira en Esmee)* Oei, de ûntkenningsfase! Tsja, dat is altyd in minne boel, mar dêr pript se wol trochhinne.

**ELVIRA:** Oh mar...

**ERIK:** *(op mei in soad lawaai en wat doazen. Max achter him oan, ek mei de earmen fol)* Sa, hjir binne de sterke mannen. De hannen út de mouwen dames!

**MAX:** Poeh, swier hear!

**ERIK:** *(tsjin de Frou Braaksma)* Goemoarn. Erik Bakker, de soan fan *(wiist, grappich)* En jo binne de frou fan it hûs?!

**FROU BRAAKSMA:** *(úterst koel)* koel ) Ik bin de direktrise, ja. Braaksma is de namme. En mei ik jo der op wize tenei wat kalmer oan te dwaan? Us bewenners hâlde fan rêst en privacy.

**ERIK:** Sorry.

**FROU BRAAKSMA:** Ik lit jim no allinne. Mei ik jim der op wize, dat it regel is dat jim pas fuort meie as menear hjir folslein ynstalearre is? Us ûnderfining is, dat de minsken slim út harren dwaan reitsje at se achterlitten wurde mei folle doazen en oare troep.

**ELVIRA:** Oh ja, fansels!

**FROU BRAAKSMA:** Moai. Max, atst klear bist ferwachtsje ik dy ûnder foar it normale wurk. En jo menear Bakker ferwachtsje ik om fjouwer oere presiis yn myn kantoar foar de yntake. Jo kinne jo by de resepsje melde, dan bringe se jo wol nei myn kantoar. Oant sjen! *(ôf)*

**MAX:** Dei , frou Braaksma.

**ELVIRA/ESMEE:** Dei.

**ERIK:** Alderferskuorrendst, wat in serpint sis!!

**HENK:** Ik sei it al, in gesticht!

**MAX:** Och, se falt wol ta, foaral atst har in bytsje ûntrinne kinst.

**ESMEE:** It liket my in bydehant ta.

**ELVIRA:** In ûnfatsoen is 't! Sa't se tsjin heit, en foaral oer heit prate! At myn Adelbert der by west hie, hie dy har wol in takke tebek set! Dan hie se safolle praatsjes net mear hân!

**ERIK:** Ja, wêr bliuwt 'dyn' Adelbert? Hy hie hjir allang wêze kinnen.

**ELVIRA:** Hy wurket oant toalve oere ta en gjin minút koarter. Hy sil sa wol komme. *(de doar swaait iepen en Bertus Dirx komt der yn, sykjend, fluitsjend en roppend)*

**BERTUS:** Bijke, kom dan, Bijke. Wêr is er dan, jong?

**MAX:** Oh nee, hin! *(tsjin Bertus)* Menear Dirx, jo binne hjir ferkeard!

**BERTUS:** Jongkeardel, ik bin Dirx net, ik bin... ik bin... No ja, wat kin't ek skele. *(tsjin de oaren)* Ha jim faaks myn Bijke ek sjoen? *(siket wer en triuwt sa no en dan ien oan kant)* Bijke, Bijke, kom dan jonge. Dat dekselse bist is der útnaaid!

**MAX:** Menear Dirx wennet in etaazje heger, hy is regelmjittich wat yn de war... No is er syn hûntsje wer kwyt. Kom mar menear Dirx, dan

sil ik helpe te sykjen. (*mei Bertus nei de doar*) Ik bin der sa wer.  
(*mei Bertus ôf*)

**ERIK:** No heit, sa te sjen hoege jo hjir net te ferfelen.

**ELVIRA:** Wat in frjemde man is dat. Jo meie de doar wol goed op slot dwaan, se rinne hjir samar út en yn!

**ESMEE:** Och, dy man is gewoan yn de war.

**HENK:** Ja, dy sit hjir al langer fansels. Takom jier rin ik hjir ek om myn hûntsje te sykjen!

**ELVIRA:** Heit, sis net fan dy nuvere dingen!

**ESMEE:** Ald fûterkont. Sille wy mar begjinne? Stiet der noch guod yn de auto, Erik ?

**ERIK:** Ik tink noch sa'n fracht as trije. Ik sil mar wer nei ûnderen. At dy Max werom is stjoer him dan ek nei ûnderen om te helpen. (*ôf*)

**ESMEE/ELVIRA:** Okee. (*se romje de kasten yn en sa*)

**HENK:** Kin ik ek wat dwaan?

**ESMEE:** Ja, regelje! Wêr moat dit hinne? (*lit in doaze sjen*)

**HENK:** Wit ik folle? Set mar... yn de keuken? (*Esmee nei de keuken*)

**ELVIRA:** Dizze beide doazen kinne ek nei de keuken. Soene jo leaver net even lizze wolle, heit ?

**HENK:** (*koart*) Ik bin net wurch!

**ELVIRA:** Mar jo binne al in hiel skoft yn 't spier!

**HENK:** (*koart*) Ik bin net wurch!

**ELVIRA:** Jo dogge wol in bytsje eigenwiis, heit. Jo soene...

**HENK:** Ik bin... (*hâldt him ynienen yn*) Elvira, at ik wurch bin, jou ik my wol del, goed ?

**ELVIRA:** My bêst. Jo moatte better op josels passe! (*mei de doazen nei de keuken*)


**HENK:** (*mompelt yn him sels*) Dat dochsto wol foar my bern. (*der wurdt kloppe, Lucy bringt Adelbert*)

**LUCY:** Goemiddei. (*laket*) Dizze menear wie 't paad kwyt, ik ha him mar even ûnder de hoede nommen! (*fûstket mei Henk*) Goed mei jo yn de kunde te kommen. Ik bin Lucy de Roas.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**